

De wrâld draait wol troch, mar liket soms ek troch te draaien. Mar wêr stiesto yn dizze wrâld? De hiele dei sitte wy mei ús sels yn'e holle. Is it gesellich dêr? Of sisto dysels miskien yn it paad? Of kinsto hiel goed mei en om dysels leitsje? Soms is it ek goed om efkes by dysels stil te stean en dy better kennen te learen. Skriuwen is in moai medium dêrfoar. Do komst dy tsjin yn dyn puerste foarm yn it petear mei dysels. Dingen dy't miskien earne goed ferstoppe sitte yn dyn holle. Bygelyks bylden, situaasjes of oantinkens. Faak komst winsken tsjin of dingen dy't miskien oait wêze kinne. Koestering of just wrok. Nostalgjy of takomstplannen.

Wat soesto dysels fertelle wolle?

Myn namme is Afrida Adema Zijlstra en ik bin keunstner, programmeur, selsstannich ûndernimmer en nau belutsen by kultureel Ljouwert. Dat konsept kaam ik tegearre mei Christian Kamminga. Hy is in ûnôfhinklike ûndernimmer, byldmakker, foto en fideograaf en hat faak belutsen west by eveneminten.

Us idee is om wannear de koarte gedichten kreëart binne, dit fisueel fêst te lizzen yn koarte filmpkes/byldzjende foto's. Ôfhinklik fan'e situaasje dy't sketst wurd yn it gedicht gean wy byldmateriaal meitsjen.

Tinksto oan dyn mem har keuken, wêr mem dyn broadsjes makke? Miskien wolst dyn takomstige dy wol oansprekke oer wêrsto noch hinne wolst. Ferfelende situaasjes wêrsto fan leare kist of just moaie situaasjes mei dysels wêr dast hieltiid om leitsje kist.

As it gedicht mar foar dysels is en troch dysels.

De bedoeling is om troch dizze sessy dysels fierder kennen te learen. Yn in tiid wêr ekstern yn'e wrâld in soad beweget, nimme wy efkes de tiid om yn'tern te sjen wat him dêr ôfspilet.

Om't dit idee himsels úttert yn skrift en byldmateriaal, kin it opnij brûkt wurde foar it portfolio fan'e skriuwers. Ek kin it einprodukt, om't it fisueel fêstlein wurd, brûkt wurde foar promoosje en marketing, om't it frij koarte opnames wurde sille.

Derneist wolle wy graach lokaal talint de kâns jaan, om him fierder te iepenjen yn harren talint. Ek helpe wy de skriuwers fia dit idee oan in útwreiding fan harren portfolio. Dit idee kin útfierd wurde yn'e foarm fan in show, mar der sil ek in fysyk einprodukt fan it idee makke wurde, wat dan ek wer ferspreide wurde kin fia meardere kanalen.

Litte wy ús kreative Friezen en Friezinne it poadium jaan en litte we sjen nei wat der allegearre ôfspilet yn úse koppen.

En lit ús dermei ús fryske folk opnij ûntdekke, om te sjen wa't wy binne as individu en om dat as in frysk kollektyf oer te bringen nei de rest fan'e wrâld.

Fia de fûneminten Dichter bij Leeuwarden, Rixt en Mooie dingen makers is der in breed netwurk beskikber oan lokaal kreatyf talint. Mar ek bûten dit netwurk wolle wy graach it poadium jaan oan lokaal talint, om ús ljocht mei-inoar skine te litten.

It idee is te dwaan fia de folgjende útfierende funksjes: 2 kreative direkteuren, in fotograaf, in fideograaf, skriuwers en in kontint en sosjale mediamanager. It oantal skriuwers dy't meidwaan kinne falt op te skalen (10-25 skriuwers).

De realisaasje fan it einprodukt komt op tusken de 5000-15000 euro. Dat hinget ôf fan de beskikbere romte foar it tal dielnimmers. Dêrnjonken sil ek it folume fan it einprodukt hjirfan ôfhingje. It einprodukt wurdt útdrukt yn in opname, byldmateriaal, promoasje en in ynteraktyf bondel.

Mocht der ynteresse wêze yn in útwreiding foar in show, dan binne de folgjende dingen ek nedich:

Produktielieder/regisseur, theater/show technikus, muzikant, programmeur en in dekkûntwerper. Derneist is der foar it jaan fan 'e show ek catering, rekwysiten, marketing, eksposysje fan it byldmateriaal en in lokaasje nedich.

Yn dizze foarstelling kinne de sprekkers harren stik ta libben bringe. Mei in brief oan dysels as útgongspunt is der njonken de presintaasje mei muzyk ek romte om it byldmateriaal te eksposearjen. As tastimming jûn wurdt foar in útwreidzjende foarstelling, is der romte om dit begryp mei oare kreative dissiplines noch sterker te meitsjen, sadat wy mei-inoar ús kulturele identiteit sjen litte kinne, yn ús moaie Fryske lân.

It liket my wier prachtich om fan it idee in show te meitsjen. Om in einprodukt te meitsjen,

en dit ta beslút ek profesjoneel út te fieren op it poadium, is der ek budzjet nedich. As derneist it meitsjen fan in product en de fersprieding dêrfan ek ynteresse is yn in show. It realisearjen fan de foarstelling kostet maksimaal 4000 euro. Ek kin jild werom fertsjinne wurde, want wy kinne ek bondels ferkeapje tidens de foarstelling. D'r kin ek in lytse tagongspriis wêze en folgjende merchandise kinne wurde ferkocht.

Ik wit wêr ik de animo fine kin foar alle boppesteande funksjes, foar in bekwaam team plus performers, meidat ik my bewust bin fan it lokaal kreatyf talint in Fryslân. Om't de mooglikheden, nedichheden en tiid allegearre it budzjet beynfloedzje, is it in basisidee wat noch iepen stiet foar oanpassingen, wêr't nedich is.